

Ministerie van Binnenlandse Zaken en Koninkrijksrelaties  
t.a.v. de heer Stokkink  
Postbus16375  
2500 BJ Den Haag

POSTADRES

Westersingel 4  
Keamer 3.01  
8913 CK Ljouwert

ynfo@dingtiid.nl  
www.dingtiid.nl  
@dingtiid

Leeuwarden, 12 juni 2019

Geachte heer Stokkink,

Met deze brief vraagt DINGtiid, het rijksadviesorgaan voor de Friese taal, aandacht voor het Fries in het speciaal onderwijs. Het tekort aan aandacht hiervoor is in het verleden al eerder ter tafel gebracht door de Feriening Frysk Underwiis (FFÛ, cc). Als bijlage bij deze brief vindt u de tekst van een e-mail van dhr. Sytze T. Hiemstra, namens de FFÛ. De aanleiding voor deze e-mail aan DINGtiid was het DINGpetear Onderwiis dat DINGtiid op 10 januari 2019 organiseerde. FFÛ heeft bij dit DINGpetear onder andere de positie van het Fries in het speciaal onderwijs benadrukt. Hiemstra schrijft dat het Fries in het speciaal onderwijs te weinig aandacht krijgt, terwijl de Wet op de Expertisecentra (WEC) deze ruimte wel biedt.

Omdat DINGtiid het belang van het Fries in het speciaal onderwijs met deze brief wil benadrukken, sturen wij de e-mail van de FFÛ integraal aan u door (voor de volledigheid zenden wij u ook de brief van minister Van der Hoeven uit 2004, waar Hiemstra naar verwijst). Hiemstra's bericht bevat veel achtergrond over deze kwestie. Wij vertrouwen erop dat u de FFÛ van een reactie voorziet betreffende het standpunt dat ze heeft ingebracht op 10 januari jl., maar ook in het verleden al, bij diverse gelegenheden.

Het verslag van het DINGpetear op onze website (dingtiid.frl) bevatte door een misverstand in eerste instantie de ingebrachte standpunten van het FFÛ hieromtrent nog niet, maar is op dit punt nu aangepast.

Wij hopen u hiermee voldoende te hebben geïnformeerd.

Met hartelijke groet, namens DINGtiid

Tytsy Willemsma (voorzitter) & Freddy Weima (bestuurslid, Kennis & Onderwiis)

Bijlage I: E-mail Hiemstra (FFÛ) d.d. 12 maart 2019

Bijlage II: Brief minister Van der Hoeven d.d. 7 juni 2004

## Bijlage I: E-mail Hiemstra (FFU) d.d. 12 maart 2019

Underwerp: Ferslach DINGpetear Underwiis fan 10-1-2019; reaksje S.T. Hiemstra, mei aksint op de WEC en it Frysk  
CC: FFU en 'Sis Tsiis'

Op 5 febr. 2019 haw ik fan DINGtiid in mailberjocht krige om in reaksje te jaan op jimme ferslach fan 10 jannewaris 2019 fan it 'DINGpetear Underwiis'. It is my bekend dat Tom Dykstra al frij kritysk reagearre hat op de 'opset' fan ien en oar en dêr woe ik my fan herten by oanslute. En dat op ien punt noch wat fierder útwurkje.

Iksels haw diel útmakke fan de twadde diskusjegroep ('Wetlike posysje', diskusjeliedster Lysbeth Jongbloed). Yn dat ramt haw ik yn dy groep mei sterke klam en twaris mei wat stimferheffing pleite om no ris écht wurk te meitsjen fan de uterst beroerde posysje fan it Frysk by de ekspertizesintra (fêstlein yn de WEC). Sûnt 1979 meitsje ik my, as âld-lid fan de 'Commissie Fries in het Buitengewoon Onderwijs' (noch ynsteld troch steatssekretaris A.J. Hermes fan Û. & W; 'Eindrapport', july 1981), dêr tige drok om. Wy binne no fjirtich jier (!) fierder en noch amper in sprút opsketten mei it Frysk yn it spesjaal ûnderwiis. Op syn minst trije generaasjes learlingen binne sadwaande as analfabeet yn it Frysk fan skoalle kommen.

Ik haw dat as skriuwer fan de FFU yn de rin fan de jierren by ûnderskate gelegenheden by de ferantwurdlike lanlike en provinsjale bewâldsju, politysy en advysorganen op it aljemint brocht en ek by DINGtiid. Ferlykje bgl. de 'Kanttekenings fan de FFU by it Dingtiid-advys "Meartaligens as kwaliteit en doel"' (25 july 2017, s. 5; sjoch ek by 'Literatuer'), dy't wy oan DINGtiid takomme litten hawwe. En ik haw it op 10 jannewaris 2019 foar de safolste kear op it rabat brocht. De petearliedster hat dat by de plenêre ferslachjouwing oan de ein fan gearkomste op myn fersyk eksplisyt nei foaren brocht en dêr sels myn namme by neamd. It is dan ek tige teloarstellend dat ik dêr yn it tastjoerde ferslach *hielendal neat* fan weromfyn.

Men kriget sadwaande sterk it gefoel dat der nei de jierrenlange tragedzje om de WEC hinne net écht nei jin harke wurdt, dat men hieltiten yn in pôt mei stive sjerp sit te rieren en dat men oan in dea hynder sit te lûken (sjoch ek de skeakels/links hjirûnder mei relevante ynformaasje oer it spesjaal ûnderwiis en de WEC). It liket as moat men hieltiten mar wer as in lûs oer in tarre presinring krûpe.

Ik heakje hjirby ek wer in brief ta fan ûnderwiisminister Maria J.A. van der Hoeven út 2004 (!), dêr't se de FFU yn fersekeret dat op grûn fan it Europees Hânfêst '[...] een aanmerkelijk deel van het primair onderwijs moet worden aangeboden in het Fries'. En dat in 'wijziging van de Wet op het primair onderwijs en de **Wet op de expertisecentra**' fandatoangeande dus net nedich is. In hiele wûnderlike en tsjinstridige formulearing, want neffens it Hânfêst '**moat**' it Frysk jûn dêr wurde en neffens de WEC 'kin' [**kan**] it jûn wurde. En ynternasjonaal rjocht giet hjirre ommers boppe nasjonaal rjocht! Mar it ûnderwiisfjild wit dat net, de oerheid makket har net wizer en sadwaande tinkt dat fjild ek yn 2019 noch altiten dat it Frysk by de Fryske ekspertizesintra fakultatyf is en dat se dêr neat oan hoege te dwaan. En de ferantwurdlike oerheid lit it allegeduerigen wer slim sitte en soarget oant hjoed-de-dei (!) ta net foar in flotte en goede ymplementaasje (mei in effektive ynspeksjekontrôle!) fan it Frysk yn en by de WEC-skoallen yn Fryslân. Der binne sels wetlike

kearndoelen formulearre foar dat type fan ûnderwiis, dy't dan blykber ek in 'fakultatyf' libben hâlde moatte. In uterst ûnbegryplike, tige beskamsome en slim diskriminearjende gong fan saken.

Dochs moat ik hast wol de stille hope hâlde dat jimme as offisjeel advysorgaan noch wat út 'e wei sette sille op dat mêd. Yn ôfwachting dan mar wer ...

Mei rju achtinge en freonlike groetnisse,

*drs. Sytze T. Hiemstra*

*(aktyf yn ûnderskate Fryske organisaasjes lykas de FFU, de seksje Frysk fan de VLLT, it EBLT, de Fryske Rie, de Ried fan de Fryske Beweging en de BoargerAksjegroep 'Sis Tsiis')*

*Inkelde relevante skeakels:*

<http://ffu-frl.eu/PDF/170725.def.FFU.br.oer.Dingtiid.advys.Meartaligens.sjabl.pdf>

<http://ffu-frl.eu/PDF/150917.def.NFIII.nijfrisia3.compressed.pdf>

<http://ffu-frl.eu/PDF/150320.def.NijFrisia.1.maart.2015.pdf>

<http://ffu-frl.eu/PDF/STH10-Frysk.yn.it.Swingel28.pdf>

Taheakke: brief fan ûnderwiisminister Van der Hoeven fan 7 juny 2004 oan de FFU.

**Bijlage II: Brief minister Van der Hoeven d.d. 7 juni 2004**

O N D E R  
S C H O L

N U T T E N  
S C H A P

Feriening Frysk Underwiis,  
T.a.v. drs. Th. Dijkstra,  
Heardyk 9,  
8735 HN Itens.

Den Haag

Ons kenmerk  
PO/KB/04-25062

Uw brief van  
28 maart 2004

**07 JUNI 2004**

Onderwerp  
bezoek aan basisschool 'By de Boarne'

Dames en heren,

In uw brief van 28 maart 2004 reageert u op mijn uitspraken tijdens mijn werkbezoek aan de basisschool Bye de Boarne in Boornbergum zoals die zijn weergegeven in de Leeuwarder Courant van 24 februari. Naar aanleiding van mijn uitspraak dat op school zoveel mogelijk Nederlands moet worden gesproken vraagt u zich af of ik mij ervan bewust ben dat de Friese taal een verplicht vak is in de provincie Fryslân. Tevens dringt u er bij mij op aan om de verplichtingen uit het Europees handvest voor regionale en minderheidstalen in de Wet op het primair onderwijs en de Wet op de expertisecentra op te nemen.

Bijgaand stuur ik u een afschrift van mijn brief aan de Ried fan de Fryske Beweging waarvan uw organisatie lid is. In deze brief wordt ingegaan op de wettelijke taak van scholen ten aanzien van het vak Fries.

Op de Friese basisscholen is het vak Fries verplicht en kan de Friese taal als voertaal in het onderwijs worden gebruikt. Daarom werd bij de ratificatie van het Europees handvest voor regionale en minderheidstalen geconstateerd dat wordt voldaan aan de bepaling dat een aanmerkelijk deel van het primair onderwijs moet worden aangeboden in het Fries. Een wijziging van de Wet op het primair onderwijs en de Wet op de expertisecentra is daarom wat betreft deze bepalingen niet nodig. Wél stel ik de provincie Fryslân middels een doeluitkering in de gelegenheid om de positie van het Fries in het onderwijs te verstevigen.

Ik hoop dat ik u hiermee voldoende heb geïnformeerd.

Hoogachtend,

De minister van Onderwijs, Cultuur en Wetenschap.



(Maria J.A. van der Hoeven)